



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

Zondag 29 juni 2025 - 09.30 uur



Welkom, groet en gebeden

Na het welkom door de ouderling van dienst zingen we lied 84: 3-4: "Hoe leaflik is jo hûs O Hear."



Bemoediging, groet en stil gebed

Na de groet, bemoediging, stil gebed en drempelgebed wordt lied 16 gezongen: "Bewaar mij, want ik schuid bij U, o God".

Kyriegebed

V: Heer, jo treaste ús, as swy fertriet hawwe

A: Hear, ûntfermje jo oer ús

V: Kristus, jo binne nei ús ta kaam. Foar ús en foar ús rêding

A: Krustus, ûntfermje jo oer ús

V: Hear, dy't foar ús sprekt, sittend oan Gods rjochterhân

A: Hear, ûntfermje jo oer ús

V: dat de almachtige God him oer ús ûntfermet, ús sûnder ferjout en ús nei it ivich libben liedt.

A: Amen

Sjonge glorialiet 305: "Alle eare alle gloarje."

Ferhalen

Fan 'e moarn trije skriftlêzingen:

De earste út 1 Keningen

19: 19-21: dit giet oer it

moetsjen fan Elia mei

Eliza, de soan fan Sjafat.

Eliza beslút Elia te folgjen.

De twadde komt út Galaten 5: 13-25. Paulus ropt de ynwenners op om harren frijheid gjin ferlechje wêze te litten om har ferkeard aard bod te jaan.

As 3e Lukas 9: 51-62. It ferhaal oer Jezus dy't yn petear komt met minsken dy't oanjouwe him folge te wollen.



Tusken de lêzingen troch wurde lieten songen.

Verkondiging

"Wat hasto foar my oer?" freget Jezus twa kear yn it ferhaal fan Lukas. Jezus is ûnderweis mei as bestimming Jeruzalem, de stêd fan God, dêr't Jezus syn heit wennet yn de timpel.

Underweis seine trije minsken, dat se Jezus folge woene. De iene krige as antwurd, dat foksen hoalen hawwe en de fûgels nêsten, mar dat Jezus neat hat om de holle op del te lizzen. Fûgels en foksen – dat soe ek in ferwizing wêze kinne nei de Romeinen en oare kreften, dy't net sa wiis wiene mei minsken as Jezus - dy soargen allinne mar foar ûnrêst. Dat is hjoed de dei net oars, de machthawwers en de kringen dêromhinne wolle harren posysjes en macht net kwyt. De twa oaren woene Jezus ek fogje, mar

hiene ferlechjes om earst wat oars te dwaan. Wat is it dy wurch?.....Jezus seit yn dit ferhaal feitlik: "Ik gean boppe tradysjes en famyljes. Ik gean boppe de ferantwurlikheden dy sto hast yn dit libben. "Wat is it dy wurch om my te



folgjen?" Dizze fraach wurdt ek oan ús steld. In hast ûnmooglike opdracht. Wannear doch ik genôch? It is ek mar de fraach of Jezus dât bedoelt mei syn boadskip yn dit ferhaal. Wat wol bedoeld wurdt

is dat, as men it Keninkryk fan God tsjinje wol, men net in maklik libben krije sil. We moatte wurkje yn dat Keninkryk. Dêr moast' dingen foar op jaan, dat freget offers. Miskien wol Jezus mei dit ferhaal ek wol sjen litte, dat wy hielendal net foldwaan kinne oan wat hy freget. Wy kinne ûnmooglik werom betelje wat hy ús jûn hat. Wat fan ús frege wurdt is, dat wy syn boadskip trochfertelle. Syn opdracht om it Keninkryk te bouwen. Wy binne Jezus' hannen en fuotten, wy binne syn eagen wêrmei 't God nei de wrâld sjocht. Wy fiele it mei-lijen fan God yn ús as wy sjogge nei in wrâld dy't yn brân stiet – as wy sjogge nei de minsken om ús hinne yn need. Wy kinne net yn de wrâld stean sûnder dat dât ús rekket. As wy net rinne om it goede te dwaan, wat sil dat dan noch dwaan? Troch ús hinne wurkje Gods wûnderen hjir op ierde. Wy binne de segeningen, dêr 't Jezus it oer hat, dy 't Hy oan de minsken jaan wol. Uteinlik komt it del op twa fragen: wat jout God my: alles. En wat jou ik God: alles.




Hierna is er een moment van stilte en orgelspel. Aansluitend volgt het luisterlied: *Schrijvers voor Gerechtigheid: Wat gaan we nu doen?*

Bloemen en collectes

De bloemen gaan als groet van onze gemeente naar Abe en Koosje Reitsma, te Wirdum.



1^e collecte: KIA-werelddiaconaat Ghana, 2^e kerkelijk werk.



Gebeden, slotlied en zegen

De gebeden worden afgesloten met het gezamenlijke Onze Vader.

Als slotlied zongen wij lied 422: *"Laat de woorden die we hoorden."*





De zegen wordt
beantwoord met
het:
"Amen, amen,
amen".



Medewerkers

Voorganger: dhr. Jesmar Jonker, Grou
Ouderling: Janny Veenstra
Diaken: Nieske Span
Organist: Wim Dijkstra
Lector: Corrie Brouwer
Koster: Gerrit de Vries
Beamer: Hendrik Hiemstra
Bloemen: Lies de Jong

Tekst: AD

Foto's: ROB